

**Examen HAVO**  
**2019**

tijdvak 1  
donderdag 23 mei  
9.00 - 11.30 uur

**Fries**

Bij dit examen hoort een bijlage.

Dit examen bestaat uit 38 vragen.  
Voor dit examen zijn maximaal 47 punten te behalen.  
Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

Geef niet meer antwoorden (zinnen, redenen, voorbeelden e.d.) dan er worden gevraagd.  
Als er bijvoorbeeld één zin wordt gevraagd en je antwoordt met meer dan één zin, dan wordt alleen de eerste zin in de beoordeling meegeteld.

## Tekst 1 Jaan en krije, hoe dochst dat?

---

- 1p 1 Hokker funksje hawwe de trije ynliedende sinnen?  
A Se formulearje de gearfetting.  
B Se formulearje de probleemstelling.  
C Se formulearje in anekdoate.  
D Se formulearje in konklúzje.

“Ast de skiednis fan it geskink op papier sette soest, wêr soe dy dan begjinne moatte?” (r. 1-3)

- 1p 2 Wurdt yn dizze alinea antwurd jûn op dizze fraach?  
Lis dyn antwurd út.

- 2p 3 Hokker twa aspekten dy't de sosjale relaasje oanbelangje, meitsje it útsykjen fan in geskikt kado sa dreech?  
Helje dyn antwurd út alinea 2.

Yn alinea 2 yntrodusearret filosoof Henk Oosterling it begryp ‘treast-keapjen’.

- 1p 4 Wêrfoar wurdt neffens him troch de oanbelangjende keapers treast socht?

- 1p 5 Wat is it ferbân tusken alinea 2 en “Ik leau ... protte foar.” (r. 38-44)?  
A It is in oarsaaklik ferbân.  
B It is in opsomjend ferbân.  
C It is in tsjinstellend ferbân.  
D It is in útlizzend ferbân.

Filosoof Henk Oosterling stelt dat folslein ûnbaatsuchtich skinen net in protte foarkomt.

- 2p 6 Helje út de alinea's 2 en 3 twa saken dy't minsken werom ferwachtsje.

- 2p 7 Neam it dilemma op basis dêr't Henk Oosterling fan stelt dat ús moderne konsumpsjemaatskippij op 'e nij útfûn wurde moat.  
Helje dyn antwurd út alinea 3.

Yn alinea 4 wurdt oanjûn wat manlju en froulju neffens in ûndersyk fan televyzjeprogramma ‘Kassa’ it leafst kado krije.

- 1p 8 Hokker konklúzje kinst lûke oer manlju en froulju?  
A Manlju krije it leafst de nijste gadgets, froulju wolle nuttige geskinen.  
B Manlju krije it leafst nuttige kado's, froulju wolle kado's foar ferdivedaasje.  
C Manlju likegoed as froulju krije it leafst geskinen dy't nuttich binne.  
D Manlju likegoed as froulju wurde bliid fan kado's foar ferdivedaasje.

- 1p **9** Watfoar argumint brûkt Ireen van Ditshuyzen yn alinea 7 by it ôfrieden fan it jaan fan klean en keunst?
- A Sy brûkt in autoriteitsargumint.
  - B Sy brûkt in emosjoneel argumint.
  - C Sy brûkt in ferlykjend argumint.
  - D Sy brûkt in moreel argumint.

Yn alinea 7 neamt Ireen van Ditshuyzen twa risiko's by it jaan fan kado's.

- 2p **10** Neam de twa risiko's.

- 1p **11** Omskriuw wat bedoeld wurdt mei 'it' yn rigel 117.

- 1p **12** Wat is it ferbân tusken de alinea's 7 en 8?

- A It is in konkludearjend ferbân.
- B It is in oarsaaklik ferbân.
- C It is in opsomjend ferbân.
- D It is in útlizzend ferbân.

*De volgende inleiding hoort bij de vragen 13 en 14.*

“Dat hiest no net dwaan moatten”. (r. 119-120)

- 1p **13** Op hokker fan de trije yn alinea 6 neamde jowers liket in ûntfanger dy't dizze útspraak docht it meast?

- A de 'egojouwer'
- B de 'ekskúsjouwer'
- C de 'ik-bin-der-net-jouwer'

- 1p **14** Sitearje it sinpart út it ferfolch fan de tekst dat oanjout wêrom't men dat as ûntfanger net sizze moat.

- 2p **15** Neam út alinea 10 fjouwer wurden dy't beskriuwe hokker hâlding in ûntfanger neffens Van Ditshuyzen it bêste oannimme kin by it útpakken fan in kado.

- 1p **16** Wêrom neamt Ireen van Ditshuyzen Sinteklaas in prachtige Nederlânske tradysje (r. 155-156)?

Omdat mei Sinteklaas

- A âlden en bern tegearre wurkje oan in moai kado en gedicht.
- B fia de gedichten gefoelens by it jaan fan in kado utere wurde kinne.
- C minsken motivearre wurde om in echt passend kado út te sykjen.
- D sichtber wurdt dat krekt lytse presintsjes tige wurdearre wurde.

*De volgende inleiding hoort bij de vragen 17 en 18.*

Yn alinea 12 wurdt de kadoboks foar bernejerdeis útlein.

- 1p **17** Jou it grutte foardiel fan sa'n kadoboks dat neamd wurdt yn dy alinea.

- 2p **18** Neam twa neidielen fan sa'n kadoboks dy't neamd wurde yn dy alinea.

Van Ditshuyzen fynt it neidiel fan it jaan fan jildpresintsjes dat it te maklik en ûnpersoanlik is (r. 218-219).

- 1p **19** Hokker neidiel fan in slúf mei ynhâld wurdt noch mear yn dyselde alinea beskreaun?
- 1p **20** Hokker bewearing past it bêste by alinea 15?
- A De alinea befettet in advys.
  - B De alinea befettet in gearfetting.
  - C De alinea befettet in konklúzje.
  - D De alinea befettet in warskôging.

In skriuwer kin by it skriuwen fan teksten gebrûk meitsje fan

- 1 feiten
- 2 syn eigen miening
- 3 mieningen fan oaren

- 1p **21** Wêr hat de skriuwer fan dizze tekst benammen gebrûk fan makke?
- A fan 1 en 2
  - B fan 1 en 3
  - C fan 2 en 3

## Tekst 2 Europa sliept te min

---

- 1p **22** Sitearje twa sinnen út alinea 1 dêr't in konklúzje yn foarkomt.
- 1p **23** Wat is it ferbân tusken “Wy bringe ... dimme is.” (r. 13-15) en it ferfolch fan alinea 2?
- A It is in ferlykjend ferbân.
  - B It is in konkludearjend ferbân.
  - C It is in redenjouwend/oarsaaklik ferbân.
  - D It is in útlizzend ferbân.
- 1p **24** Hokker wurd yn alinea 2 stiet gelyk oan “natoerlik ljocht” (r. 12)?
- 1p **25** Wat is it ferbân tusken de alinea's 2 en 3?
- A It is in ferlykjend ferbân.
  - B It is in konkludearjend ferbân.
  - C It is in oanfoljend ferbân.
  - D it is in útlizzend ferbân.
- 2p **26** Hokker twa ferbetteringen yn it ramt fan sliepproblemen dogge harren krekt yn de fakânsje foar?

- 1p 27 Wat bedoelt Kantermann mei de “sosjale jetlag” (r. 45-46)?
- A De tiid fan sliepen slút net goed oan by de tiid dat men aktyf wêze moat.
  - B In tekoart oan sliep liedt ta minder goed funksjonearjen op it wurk.
  - C Minsken hawwe troch harren tiidsyndieling minder kontakten mei-inoar.

- 1p 28 Wat is it grutste foardiel fan minsken op it plattelân foar minsken út de stêd oer?

“Teeners moatte ... skoalle ta.” (r. 71-73)

- 1p 29 Hokker term dy't Kantermann op in oar plak yn de tekst brûkt is hjir tapaslik?

“Kantermann wol ... wurde kin.” (r. 92-96)

- 1p 30 Op watfoar effekt hopet Kantermann by dat ûndersyk?

- A dat minsken dêrtroch earder slûch wurde
- B dat minsken dêrtroch hurder wurkje kinne
- C dat minsken dêrtroch minder gau lêst fan de eagen hawwe
- D dat minsken harren dêrtroch langer konsintrearje kinne

“Sliepe stiet gelyk oan net-ljocht” (r. 97)

- 1p 31 Wat wol Kantermann mei dizze stelling sizze?

- A Minsken kinne keunstljocht better ferdrage as se goed sliepe.
- B Minsken kinne maklik sliepe yn in tsjustere romte.
- C Minsken soenen (al) sliepe moatte wannear't it bûten tsjuster is.

Yn it tekstpart alinea 2 oant en mei alinea 5 neamt Kantermann trije soarten fan tsjinstellingen dy't fan ynfloed binne op it sliepgedrach.

- 2p 32 Neam dy trije tsjinstellingen.

**Let op: de laatste vragen van dit examen staan op de volgende pagina.**

*De volgende inleiding hoort bij de vragen 33 tot en met 35.*

Kantermann jout ûnder mear as advys om nei jins ynterne klok te harkjen om gjin slieproblemen te krijen (r. 98-100).

- 1p 33 Yn hokker alinea út it foargeande tekstpart is dêrfan al in foarbyld mei in posityf effekt jûn?
- A yn alinea 3
  - B yn alinea 4
  - C yn alinea 5
  - D yn alinea 6
- 2p 34 Hokker twa faktoaren dy't it goed funksjonearjen fan de ynterne klok beheine kinne, wurde neamd yn de tekst?  
Helje dyn antwurd út de alinea's 4 oant en mei 6.
- 1p 35 Hokker advys jout Kantermann noch mear? Helje dyn antwurd út de alinea's 8 oant en mei 11.
- Yn alinea 12 wurdt praat oer in tekoart oan sliep.
- 1p 36 Yn hokker twa eardere alinea's wurde negative gefolgen fan in tekoart oan sliep beskreaun?
- A yn de alinea's 3 en 5
  - B yn de alinea's 4 en 5
  - C yn de alinea's 4 en 6
  - D yn de alinea's 5 en 6
- 1p 37 Wannear hast gjin tekoart oan sliep neffens Kantermann?  
Brûk net mear as 10 wurden.
- 1p 38 Hokker skriuwoel hat de skriuwer benammen mei dizze tekst?
- A ynformearje
  - B oantrune
  - C oertsjûgje

---

**Bronvermelding**

*Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift, dat na afloop van het examen wordt gepubliceerd.*